



Po@dium

Bennie Huisman

2025 - 4

Simmer

Skylge. 'West'. As ik klear stean om wer ris in oerke op strjitte te sjongen en it begjinwalske ynsette wol, bliuwt ien fan de basknoppen hingjen. Dat herhellet him in pear kear. Ik pak alles yn en sykje ús fakânsjepleats wer op. Dêr meitsje ik de baskant los fan 'e balch en skroef de achterkant iepen. Net foar it earst. In pear moannen lyn foel de akkordeon fan 'e stoel op 'e tegelflier en moast ik de houten konstruksje reparearje. Ek no haw ik sa 't it liket net foarsichtich genôch west mei de lytse *Settimio*, in mear as 70 jier âlde 32-basser, dêr't ik faak mei optreed en dy't altyd mei op reis giet.

It sicht op 'e binnenkant rekket my altyd wat. Der sit noch in soad werkenber hantwurk yn. Mei kwetsbere meganykjes, dy't doe - jierren '50 - noch faak as 'thús-yndustry' yn inoar set waarden. Reparaasje freget om 'ambachtlike oandacht'. Goed sjen hoe't it wurket, wêr't it stûket en wêrtroch. Ik nim der de tiid foar. En as ik even nei in winkel fyts foar in spesjaal skroevendraaierke, meitsje ik yn 'e holle in sprong nei 'it meganyk fan oarloch en frede'.

It ambacht fan it reparearjen dêr fan hjit: 'diplomasy'. De sels-beneamde fredestifter fan hjoed-dei - Donald Trump - mist elk ambachtlik gefoel en ynsicht dêr foar en itselde jildt foar de de amateurs dy't syn hofhâlding útmeitsje. Syn oanpak is dy fan de fyts- of autohannelers, dy't reparaasje benammen sjogge as in ferfelend byferskynsel. De omset wurdt makke troch ferkeap. As ik as klant mei in âlde stikkene fyts kom sil er faak sizze: dêr binne gjin ûnderdielen mear foar te krijen, mar ik wol der noch wol wat foar jaan ast in nije keapest.

Mei oandacht en geduld krij ik *Settimio* wer ynoarder. Mar ik bin yntusken al oan it sykjen nei in twadde lytse akkordeon. Om mei te oefenjen, om mei op strjitte te spyljen, om mei op reis te nimmen. Dan kin ik dizze lytse freon(din) yn goede kondysje hâlde. Foar de rol dy't ik foar har yn gedachten ha yn de nije foarstelling, dêr't ik no oan wurkje.

Dy moat yn de hjerst en winter fierder foarm krije.

'Ambachtlik thús wurk' is oars ek populêr yn de oarlochsyndustry fan Oekraïne. It yninoar setten fan lytse drones bart in soad by minsken thús, om it risiko te sprieden. Mar hoe sit it mei de ambachtlike kant fan 'fredesinistaten? Meikoarten sil ik dêr nei sykje. Yn Osnabrück, de stêd dy't himsels *Friedensstadt* neamt. Dy hat de lêste jierren in kearmannich yn it nijs west. By it bouryp meitsjen fan in lokaasje foar in nije wenwyk waarden geregeld âlde, net ûntplofte bommen fûn út WO II, wêrtroch soms tsientûzenen minsken tydlik harren hûzen út moasten.

Mar it is ek de stêd fan it *Erich Maria Remarque Friedenszentrum*, wijd oan de pasifistyske en anti-militêristyske skriuwer fan *Im Westen nichts neues*. En yn it historyske stêdshûs waard yn 1648 de *Vrede van Westfalen* sletten, dy't û.o. in makke oan de wrede 30-jierrige oarloch yn Dútslân. Nederlânse diplomaten spilen dêryn in grutte rol. Net mei berjochten op X of Truth-social, mar mei oandacht en 'ambachtlik' wurk yn alle stilte.

Yn de folgjende Po@dium in ferslach.

Po@dium is in Persoanlik Digitaal Magazine. Dit is de 4e ôflevering fan 2025

Réaksjes binne altyd wolkom: huisman.bennie@gmail.com

Wa't op 'e ferstjoerlist wol cq op it tastjoeren gjin priis stelt: lit it witte.

eine kleine Frühlingsreise (ferfolch)

Nei in lange, yntinse dei om 'e *Wannsee* hinne en by it *Alexanderhaus*, tref ik yn 'e iere jûn Havelberg oan lykas ik der in jier earder ôfskie fan naam. Heinz wachtet my foar de Galerie op yn it fertrouwen dat ik my meast oan taseine tiden hâld.

Dochs is der yn in jier tiid in soad feroare. Foar it earst hat de AfD no in fertsjintwurdiger yn 'e gemeenteried. Foarich jier, yn de oanrin nei de ferkiezings, wie der net mear in lantearnepeal te finen, dêr't net in AfD-boerd oan hong. Ik gie doe mei Heinz nei in ûnrêstige Gemeenteriedsgearkomst, oer de pleatsing fan tige grutte wynmounen yn it 'lege' gebiet noardlik fan Havelberg. En dat gie inkeld noch mar oer it iepenjen fan petearen dêr oer. No is dêr neat mear publyklik fan te sjen of te hearren. Havelberg docht wer even in tukje. Op it Stadtinsel, de âlde histoaryske binnestêd steane noch altyd in soad panden leech. Guon binne te keap, faak al lang, nettsjinsteande de lege prizen dy't frege wurde.

Yn it universum fan Heinz is in soad itselde mar ek frijwat oars. Syn eigenmakke *Kuchen*, mei fruchten út eigen tún, smakket noch as fanâlds. Mar in diel fan 'e romtes is no permanint ferhierd oan in stel út de keunst- en teaterwrâld. Ik krij dan ek in oare Gastenzimmer, dêr't alles al klear stiet: myn favorite skriuwstoel en sels myn akkordeon. En der is in ein kommen oan de fertroude oanwêzigens fan David, de timmer- en putsjesman, dy't 6 jier lang in pear dagen yn 'e wike oan it hûs wurke. Dat is no te djoer wurden. David wurdt inkeld út en troch frege foar in spesjaal putsje.

West-Berlyn en de tsjinstplicht

Yn 1945 waarden Dútslân en Berlyn opdield yn 4 besettingzônes. En demilitêrisearre. Under ynfloed fan de Kâlde Oarloch waard it westlik diel – as antwurd op de oprjuchting fan de DDR - yn 1949 de Bundesrepubliik. Yn 1955 kaam dêr wer in leger, ek in reaksje op de al earder oprjochte Volksarmee yn de DDR. En De Bundesrepubliik waard lid fan de NAVO.

Berlyn hold lykwols syn aparte, demilitêrisearre status. De ôffurdigers fan West-Berlyn hienen yn it parlemint yn Bonn ek gjin stimrjocht en ynwenners fan West-Berlyn hienen in eigen paspoart. Doe't yn 1956 de tsjinstplicht ynfierd waard, jilde dy net foar ynwenners fan West-Berlyn.

In soad jonge mannen gyngen nei West-Berlyn foar't se in oprop krigen. Sa ûntrûnen se de procedure foar ferfangende tsjinstplicht omwille fan gewissensbeswier. Hienen se al in oprop hân, dan koe de plisy se út West-Berlyn ophelje. Dit duorre oant 1990, doe't Dútslân wer ien waard. Sa'n 50.000 Westdútse jonge mannen ha dizze rûte brûkt.

In oere nei 't ik oankaam zit ik mei Heinz yn 'e keuken. We ite wat en begjinne in petear. Dat bart dêrnei alle dagen twa kear: moarns om in oere as 10 en jûns om in oere as 8. Ik fertel oer myn bisite oan de Wannsee-villa en it Alexanderhaus. Troch myn ferhaal oer it troch de 'loofhut' ynspirearre nije geboutsje bedarje we by ús persoanlike religieuze ferline. Ik bin opgroeid mei de bibel, Heinz wat minder. Al ken er de ferhalen, troch de omwei fan literatuer en byldzjende keunst. Hy sjocht himsels as atheïst. En pasifist. En as Berliner. Hy kaam yn de stêd te wenjen om de tsjinstplicht te ûntrinnen. Wa't yn West-Berlyn wenne wie dêr fan frijsteld.

Syn persoanlike skiednis wie dêr ek 'debet' oan (al kinst hjir ek it wurd 'credit' brûke). Heinz, berne yn 1942 yn it Ruhrgebiet, seach syn heit foar it earst doe't er 6 jier âld wie. Dy wie ein 1941 yn de Wehrmacht *eingezogen*, yn Noorwegen stasjonearre, yn Ruslân finzen nommen en nei in reis fan kamp nei kamp nei de befrijing nei Frankryk stjoerd om dêr op it plattelân te wurkjen, as in soarte fan *Wiedergutmachung*. Nei 6 jier, 3 moannen en 20 dagen kaam er wer thús by syn frou en bern, dy't oerlibben en opgroeiden tusken de pûnbulten.

De krekte tiidsoantsjutting wie fan de heit sels, dy't tige krekt mei potlead de dagen opskreaun en ôfteld hie.

Hy kaam thús mei in djippe ôfkear fan alle militarisme én in djippe leafde foar Frankryk en de Frânse kultuer. Dat hat Heinz fan syn heit oerkrigen. Ek hy hat wurke yn Frankryk. En hy soe, no't it jûnet yn syn libben, noch wol graach in skoftsje nei Normandië wolle. Hy mist oars Berlyn ek en slút net út dat er werom giet nei wat er beskôget as syn Heimatstadt. Hy is no 83 en wat him 'genetysk' noch gund wurdt is dreech te sizzen. Syn heit waard net âld, syn mem waard lykwols 104. Earne yn Berlyn is noch in lytse wennnig, dy't diel útmakket fan de erfenis. Der wennet in âlde frou yn en se mei der fan Heinz sa lang yn wenjen bliuwe as se wol.

Myn dagen krije ritme. Ik stean ier op, meitsje kofje, smar wat bôle en sit dan te skriuwen oant it mienskiplik moarnsiten. Ik wurkje oan in nije foarstelling, dy't mei tekene wurdt troch de problemen mei myn stim.


Dat begûn fiif moannen earder, heal jannewaris. Eins fan de iene op 'e oare dei rekke ik myn fertroude stim kwyt. It wie net keppele oan in ferkâldheid of in kielûntstekking. Benammen it folút sjongen mei de (boarst-)stim woe net mear. Ik bleau lykwols sjongen, alle dagen, mei it lichte hegere register, dat gie noch aardich. Dat hie ek in foardiel: ik ferkende de mooglikheden fan myn stim bewuster, fariearde de wizen fan myn lieten sa dat ik se al sjonge koe en begûn mear op 'e 'ademsteun' te letten. Ik sleepte my sa goed sa kwea troch in pear ôfprate optredens en begûn op'e nij te tinken oer de betsjutting fan myn stim yn de eigen muzikale skiednis. Dat waard diel fan myn nije foarstelling. As ik dy noch dwaan kin. De KNO-dokter seach ynearsten 'niets verontrustends..!'

It betsjut no, yn Havelberg, dat ik nei it mienskiplik moarns-iten in earste sesje stimfersoarging doch, wat ik alle dagen in kearmannich herhelje. En it herstel, dat him yn april al wat oankundige, set troch ûnder myn leafdefolle fersoarging.

Tuskentroch wurkje ik oan in putsje, dêr't David net mear oan ta kaam. Yn it monumintale treppenhûs tille Heinz en ik (opteld 160 jier âld) in grut rût út it keazyn. It bestiet út 14 rútsjes yn roeden, de boppenste 2 kwartrûn. Oan de bûtenkant wurde de measte inkeld noch op it plak holden troch lytse spikerkes. Ik soe it graach - mei leafde en ambachtlike oandacht - folslein restaurearje, mar dêr is no even gjin tiid foar. De rest fan 'e wike wurkje ik it mei kit safier ôf dat it wer even meikin.

It is dúdlik dat de takomst fan Heinz yn en mei dit hûs wat ûnwis oan it wurden is. Hy hat it al offisjeel oan syn soan oerdroegen, foar it gefal him wat oerkomt. Foar de rest sjocht er it wol, hy tekent, skildert en eksperimenteart mei meardere printtechniken. Op syn âlde printmasines út Berlyn, dy't er hjir hinne helle hat. Geregeld organisearje Britta en hy noch in tentoanstelling yn 'e galerie. Mar oare aktiviteiten, b.g. it útnoegjen fan oare keunstners om in wike yn de tún komme te skilderjen, dat is op in sêft sin set. Foar even. Of langer.

Yn Heinz libbet noch it boartsjende bern en de licht-anargistyske jongfeint en striidbere Berliner, dy't er desennia lang wie. >>



Gemalt wie Matisse

artikel yn de pleatslike krante by de túnfoto's side 1 & 4

Künstlerinnen folgten der Einladung von Britta Lehmann und Heinz Sporkhorst zum Pleinair „Malen wie Matisse“. Diese Freilichtmalerei fand im Rahmen von „Kunst im Gartensommer“ eine Woche lang in der Galerie Stadttinsel in der Langen Straße 36 in Havelberg statt und bereitete allen Teilnehmern viel Spaß. Die Farbigkeit der Bilder des französischen Malers Henri Matisse (1869

bis 1954) und ihre Leuchtkraft begeistern die Gastgeber unter anderem. Deshalb hatten sie ihn ausgewählt. Verschiedene Techniken wurden ausprobiert. Der in den vergangenen Monaten entrümpelte Hof hinter dem einstigen „Konsum“ bot eine wunderbare Kulisse für eigene Motive nach Art von Matisse. Die Künstler, hier (von links) Kerstin Philipp-Roschka aus Berlin, Heinz Spork-

horst, Annarosa Righi aus Italien, Anette Klose aus Berge sowie die Berlinerinnen Anke Leonhardt und Britta Lehmann, die in Havelberg ihr zweites Zuhause gefunden haben, malten aber auch ein Bild von Matisse nach ihren Vorstellungen nach. Heute Abend wird in der Galerie um 18 Uhr eine neue Ausstellung mit Werken der Künstlerin Annette Lueck eröffnet. Foto: Andrea Schröder



Havelberg 2020 & Berlyn jierren '70. Links (& op side 1): *Kunst im Gartensommer*, rjochts in foto fan Heinz (links) mei freonen. Grafitti-tekst der boppe: (soks as) ...wer guckt in alte Moralisten, wer jagt im Hof auf Anarchisten...

Mar de jierren begjinne te tellen, de wrâld wurdt lytser. En alle befochten frijheid, wolfeart en rjochtfeardigens hat it fannijs opkommend fasisme net keare kind.

Sa sitte we dan alle dagen oan tafel: twa *gebildete* mannen yn in 'gesegende' âldens, noch aardich fitaal en noch lang net genôch fan it libben. Mar alles kostet mear muoite, ek om de moed der yn te hâlden by alle bedrigings: klimaatferoarings, politike ferhurding, oarloch en gewelt, in wedrin mei wapens, tanimmende ûngelikens en minsken oan 'e knoppen dy't de yndruk jouwe se net allegear op in rykje te hawwen en dy't dreaun lykje troch ûnfrisse ressentiminten lykas bedrige 'manlikens'.

Folle mear as tekenje, skilderje, printe, dichtsje en sjonge kinne we dêr net foar oer sette. Binne we út de tiid groeid? Fruchteleas binne we yn elk gefal noch net. (Of is it 'fruchteleas'?*auch im Sprachwissenschaft gibt es Moralisten..*)

het lied van de wals

ze kwam voor het eerst met de zomerwind
als een woordenloos wijsje voorbij
ze danste het huis door, ik was nog een kind
nestelde zachtjes in mij

ik wist nog niet wat een verleiding was
had geen kennis van enig verweer
alleen dat gevoel dat bevrijdend was
dat dansje die eerste keer

weemoedig soms op een accordeon
en op de viool wel eens vals
maar altijd het licht van de zomerzon
dat danste op de wijs van een wals

een kindertijd wordt een mensenbestaan
in een wereld verwarrend onvrij
maar mijn walsende liefde was altijd begaan
met de zoekende woorden in mij

we zijn al zo lang uit de tijd gegroeid
maar vruchtenloos zijn we nog niet
een oude boom die in het voorjaar bloeit
draagt in de herfst weer een lied

in nije foarstelling: de wals ?

no 't de siel wer in stim hat
eigen wizen maityd fiere
talen noch net ûntgind
it liif maklik mei beweegt
yn ûnhandig dûnsjen
bliuwt de ivige twifel

sykje ik de rêst fan beskutting
dêr't it ferhaal de romte fynt
sykjend fan kleur feroaret
om 'e kearn hinne

of hechtsje ik it weefwurk ôf
oant it begearenswardich
te pronk leit - te krijen
foar in skaplik pryske

omdat ik it mei elkien
diele wol
?

Links de tekst fan in nij lietsje.
Yn de foarstelling ynbêde yn in ferhaal, hjir even op harsels.
Yn de folgjende Po@dium in opname.